

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

<p>Rjochte oan DS / lid DS</p>	<p>Kramer / Brok</p> <p><b>Underwerp: Friesenbrücke-top Bonn 28 augustus 2017</b></p>
<p>Ynliedende taljochting (fakultatyf)</p>	<p>Nei it stikken farren fan de Friesenbrücke by Weener oer de Ems op 3 desimber 2015 hat de FNP skriftlike fragen steld (9 desimber 2015) Dit nei oanlieding fan de tydlike maatregels yn de oanrin nei de weropbou dan wol ferfangning fan de brêge. De provinsjes Fryslân en Grinslân hawwe hjir belang by fanwegen de streekrjochte spoorferbining mei it Dútske efterlân, dy't no foar lange tiid ferbrutsen is.</p> <p>Yn jo antwurd (14 jannewaris 2016, skaaimerik 01273390) skriuwe jo oer de Fryske ynset: <i>'Dêrby is der ek in kâns ûntstien. De Friesenbrücke wie nammentlik in flessehals as it giet om de reistiid nei Bremen yn te koartsjen. Fryslân fynt it wichtich dat de kâns om dy flessehals dêr wei te krijen brûkt wurdt en dat der net foar in hastige needoplossing keazen wurdt.'</i> Jo skriuwe fierder dat de Provinsje Grinslân mei út namme fan Fryslân de petearen fiert mei de ferskate belutsen Nederlânske en Dútske ynstânsjes.</p> <p>Yn PS 29 maart 2017 hawwe wy wer wiidweidich (mûnlinge) fragen steld. Wy hawwe doe kennis naam fan jo antwurden oer de gong fan saken oant dan ta. It die bliken dat it dossier him ûntwikkelet ta in slepende kwestje.</p> <p>Yn it Dagblad voor het Noorden lêze wy no (DvhN 9 augustus 2017) dat <i>'... Commissaris van de Koning René Paas is uitgenodigd om op 28 augustus deel te nemen aan de Friesenbrücke-top in Bonn. Paas is uitgenodigd door het Duitse ministerie van Verkeer. Het gesprek staat onder leiding van Enak Ferlemann (CDU), staatssecretaris van het ministerie van Verkeer.'</i></p> <p>Lykwols de hear Paas kin op 28 augustus mooglik net dielnimme oan dit topoerlis fanwege ferplichtingen dyselde deis yn ferbân mei de fiering fan it Groninger Ontzet, sa meldt syn wurdfierder oan de krante.</p> <p>De FNP is fan betinken dat wy om foar de belangen fan de beide provinsjes (mar ek foar de spesifyk Fryske belangen) op te kommen dizze kâns net slûpe litte moatte. In delegaasje op heech bestjoerlik nivo soe op syn plak wêze en de kâns fergrutsje dat de kwestje mei de Friesenbrücke no einlings ris definityf útiten wurdt.</p> <p><i>Yn ferbân mei de datum fan 28 augustus is der in spoedeaskjend karakter. Wy soene it dan ek op priis stelle dat jo ús fragen hjirmer neffens de SPOED-proseduere foar dy tiid beânderje kinne om eventueel noch aksje ûndernimme te kinnen.</i></p>

Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> <li>1. Is it Kolleezje ree en bied oan dat de Fryske kommissaris Brok de hear Paas ferfangt by de Friesenbrücke-top yn Bonn op 28 augustus?</li> <li>2. Is it mooglik en lit, neist in hege fertsjintwurdiging op bestjoerlik nivo, ek Fryske amtners meiprate op dit oerlis, mocht it sa wêze dat men yn Grins op 28 augustus net beskikber is?</li> <li>3. Op hokker wize binne, nei jo antwurden op ús mûnlinge fragen yn PS fan 29 maart 2017, de spesifike Fryske belangen nei foaren brocht troch Grinslân as penfierder fan it oerlis mei de Dútske ynstânsjes en Den Haag?</li> </ol>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Klaas Fokkinga
---------------	--------------------------------------------------------

Datum	11 augustus 2017
-------	------------------